

<i>Digitaal lânskip - memes meitsje</i>						
<b>Doelgroep leeftiid</b>	<b>Doer</b>	<b>Materiaal en helpmiddels</b>	<b>Klasse ferdieling</b>	<b>Oanpak fan 'e les</b>	<b>Lokaasje fan aktiviteit</b>	<b>Ynterdissiplinêre konneksjes</b>
fuortset ûnderwiis (12-16)	2 oeren:  15 min. ynstruksje  1 o. wurkje oan taak  45 min. analyze	<a href="https://makeameme.org/">https://makeameme.org/</a>  <a href="https://www.kapwing.com/mememaker">https://www.kapwing.com/mememaker</a>  Laptop  Foto's foar ynspiraasje (sjoch hjirûnder)	yndividueel of lytse groepen - hiele klasse (analyze)	ûndersyk kreëarjen refleksje analyze	op skoalle thús	skiednis keunst taallessen
<b>Gearfetting fan</b>	Studinten komme yn kontakt mei online taallânskippen, skriuwen en ynformaasjeferwurking troch it meitsjen fan memes oer hjoeddeistige situaasjes. Se tinke nei oer hoe't foarmen fan skriuwen					

<b>aktiviteit (max. 50 wurden)</b>	wolwêzen stimulearje en in mienskip kreëarje kinne.
<b>Leardoelen</b>	kreatyf wurkje mei LL - pleatsen fan eigen taalûnderfiningen yn 'e kontekst fan LL - ferkenne fan digitale LL
<b>Stap foar stap ynstruksje</b>	<p>Yn dizze aktiviteit silst bydrage oan in online taallânskip troch dyn eigen memes te meitsjen!</p> <p><u>Stap 1</u>  Wat is in goed skriuwûnderwerp, en hoe kinst dysels it bêste útdrukke? Sykje online nei tips oer hoe'tst in goed stik skriuwe kinst. Besprek yn 'e klasse de ferskillende skriuwtechniken dy't fûn binne. Bepaal sels wêr'tst dyn memes oer meitsje wolst. Sjoch ek nei guon foarbylden fan memes dy't yn 'e klasse besprutsen binne of dy'tst online fûn hast.</p> <p><a href="https://www.beeldengeluid.nl/tilt/de-geheimtaal-van-memes">https://www.beeldengeluid.nl/tilt/de-geheimtaal-van-memes</a>  <a href="https://www.picmonkey.com/blog/tips-for-making-hilarious-memes">https://www.picmonkey.com/blog/tips-for-making-hilarious-memes</a>  <a href="https://www.brianhonigman.com/meme-best-practices/">https://www.brianhonigman.com/meme-best-practices/</a></p> <p>Selektearje foarbylden yn ferskate talen. Kies ien foarbyld fan in goede meme en presintearje oan 'e groep / klasse wêrom'tst tinkst dat de meme goed is.</p> <p><u>Stap 2</u>  Tink tegearre mei in klasgenoat of allinnich nei oer in hjoeddeistige situaasje dy't minsken oan it laitsjen krijt! Set dyn idee oer yn in meme troch programma's te brûken lykas:  <a href="https://makeameme.org/">https://makeameme.org/</a> of <a href="https://www.kapwing.com/meme-maker">https://www.kapwing.com/meme-maker</a>  Meitsje memes yn op syn minst trije talen.</p> <p><u>Stap 3</u></p>

	Diel dyn meme mei de rest fan 'e klasse, en reflektearje oer hoe't dyn meme ynformaasje en kulturele wearden oerdraacht en helpe kin om stress te ferlichtsjen! Kinst in eksposysje meitsje op dyn skoalle mei alle memes en sjen hoe't dyn klasgenoaten derop reagearje.		
<b>Mooglike oanpassings</b>	<i>Dizze opdracht kin oanpast wurde oan spesifike talen.</i>		
<b>Ferwachte kompetinsjes / feardigens</b>	<b>Taal</b> skriuwe lêze oare talen werkenne	<b>Fakkennis</b> Net fan tapassing	<b>21st-ieuske feardigens en kritysk tinken</b> kompjûtergebrûk kreativiteit ynteraksje refleksje gearwurkje oerdraachbere feardichheden
<b>Fereaske kompetinsjes / feardigens</b>	<b>Taal</b> skriuwe lêze oare talen werkenne	<b>Fakkennis</b> Net fan tapassing	<b>21st-ieuske feardigens en kritysk tinken</b> kompjûtergebrûk
<b>Feed-back</b>			

**Foarbylden fan ymplemint aasje**



**Reaksje / feedback dosint**

Dit wie in tige leuke aktiviteit foar myn learlingen. Sy wiene yn staat om harren emoasjes oer de lockdown op in leuke mar ek lestige manier oer te bringen. It moatten oerbringe fan in boadskip mei beperkte romte en in beperkt tal wurden hat de kreativiteit mar ek it kritysk tinken fan myn learlingen aktivearre.

**Reaksje/ feedback studint**

